

D(E)-DELEESJE YN IT SEALTERSJK (P.Kramer)

[Bydrage Frysk Filologekongres, Ljouwert 16-12-2005 - bywurke ferzje 2007]

1. Ynlieding

In opfallend ferskynsel yn it Westerlauwerske Frysk (Wlfr.) is it weifallen fan de dentaal en de eventueel folgjende schwa yn 'e doetiid-útgongen fan 'e swakke tiidwurden fan 'e twadde klasse:

Afr. **frege* > Wlfr. *frege*

Yn syn baanbrekkend artikel oer dit ûnderwerp fynt Meijering al gefallen fan dy deleesje yn it Aldfrysk¹ en hy ornearret dat dy miskien yn 'e Aldfryske perioade al folle mear foarkaam as dat út 'e oerlevere boarnen bliken docht. Mar hy moat tajaan dat wy út dy tiid spitigernôch allinne skriftlik materiaal hawwe (1980:278).

No docht him it gefal foar dat wy in fariant fan it Frysk hawwe dêr't wy dit ferskynsel miskien dochs yn 'status nascendi' waarnimme kinne en dat is it Sealtersk. It Sealtersk komt oan 'e iene kant mei it Westerlauwersk oerien wat de notiid-útgong op *-je* oangiet, wylst it oan 'e oare kant gewoanlik noch de folle doetiid-útgong *-ede* bewarre hat, dy't ek foarkomt yn it oanbuorjende Leechdútsk fan it Iemslân (Schönhoff 1908: 198) en de Hümmling (Book, 1993: b.g. 306, 309).


Dochs binne der noch mear ferskillen dy't hjir fan belang binne. Sa mist it Sealtersk faak de Wlfr. *d*-deleesje tusken vokalen en oan 'e útgong: *Weeder, Kloodere, Brood, Râid, dood, Lound* (ferlykje Wlfr. *waar, klean, brea, rie, dea, lân*), wylst oan 'e oare kant neist *de*-deleesje yn 'e doetiid² fan guon tige gongbere sterke tiidwurden ek noch *d*-deleesje yn 'e notiid 3.p.sg. fan dy tiidwurden foarkomt: *hâ, kwä, dä* njonken *häd, kwäd, dä* (Wlfr. *hat, seit, docht*)³.

Lit ús no it fjild ris besjen. Deleesje fan *de* is it earst synjearre troch Fort (1985:152). Fierders komt it ferskynsel yn it skriftlike Sealtersk hast net foar, dat wy sille ús dêrom fierder basearje op 'e sprutsene taal. Dêrfoar kinne wy útgean fan 'e trânskripsjes fan in grut tal lûdsopnamen foar it Nij Sealter Wurdboek: meiinoar sa'n 138 oeren fan in ferskaat oan sprekkers út alle trije doarpen, meast frij pretend en fertellend, wat goed 6 MB oan tekstmateriaal opsmiet. Dy trânskripsjes binne fan in frij 'narrow' type en troch behandeling yn in konkordânsje-programma (WConcord)⁴ kinne sa frij maklik allerhande ferskynsels besjoen en kwantifisearre wurde, ek wat de tekstomkriten oangiet.

Foar de stúdzje fan 'e útgongen like it it bêste om te begjinnen mei de faakst foarkommende swakke tiidwurden fan 'e twadde klasse. Dêr is foar socht om wurden dy't útgeane op *je* of *jen*. Dêrnei binne alle útspraakvarianten byinoar socht (b.g. dy mei de dialektyske fariaasje *oa* - *aa*) mei normalisaasje op 'e Roomelster foarm (yn dit gefal *oa*).

Meast frekwinte verba op *je(n)*


*ferhege frekwinsje troch ôffraach



It resultaat is aardich skokkend. Fierwei it measte komt *moakje* foar⁵, mei hast tûzen fynplakken 7x faker as de dêr nei folgjende: *kikje*. Fuort dêrnei komme dan *hoalje*, *koopje*, *hongje*, *oarбайдje*, *woonje*, *fräigje* en wat letter tusken 40 en 20x b.g. noch *braidje*, *liuje*, *fodderje*, *sloachtje*. Dat betsjut dat der foar ûnderskate stamútgingen aardich wat materiaal beskikber is en dus de kâns om dy deleesje yn allerhande situaasjes tsjin te kommen.

2. It tiidwurd *moakje*

Foar *moakje* wurde dan de folgjende útgingen fûn:



Dat levert meiinoar 159 gefallen op foar doetiid inkeldfâld 1.p en 3.p. Fan dy 159 hawwe 128 de ‘klassike’ útgong *-ede*, dus *moakede* ens. De dentaal+schwa falt 9x wei: *moake*, it ferskynsel dat wy hjir analysearje wolle. Rekkenje wy efkes net mei de oare gefallen, dan is dat 6,5 %.

Sjogge wy no nei dy oare gefallen, dan is by 7 de lêste schwa weifallen: *moaked*. Dan komt noch 14 x in tredde foarm foar, mei útgong *-te*. Dêr soe it by gean kinne om útfal fan allinne de earste schwa en oanpassing fan de dentaal oan de *k*, mar der soe ek ynfloed wêze kinne fan deselde útgong by dit tiidwurd yn it Heechdútsk: *machte*. (It Leechedútsk hat hjir meastentiids sterke foarmen, b.g. *möök* Book 296, *mook* Remmers 1997:114). Yn elk gefal is de klassike útgong noch dúdlik de normale.

Fan belang is no om te sjen yn hokker gefallen it type *moake* foarkomt. Yn 5 gefallen folget dêrby in *d-*, b.g.

Ju maake der Liuerwust fon.

Dan folget noch 3x in *j-* en ienkear in *m-*. It liket der dus op dat der wjerstân bestiet tsjin de opienfolging tan twaris sawat itselde wurdlied (*dV-dV*) (haplology mei in moai wurd). Mar dat jildt dus blykber ek foar de kombinaasje *dV-jV* en miskien ek foar *dV-mV*. Yn al dizze gefallen giet it by dy *V* om lûden sûnder klam.

By it type *moaked* folget yn twa gefallen in lûd (1x mei klam), dat dêr koe de *d* maklik as in soarte ‘Hiat-tilgung’ stean bliuwe. Itselde kin ek jilde foar in folgjende *h-* of *n-* (elk ien kear). Yn twa gefallen folget in wurd mei *d-*, mar om’t gjin inkeld pauzeteken oanjûn is, kin it dêr yn feite ek om *moake*-gefallen gean.

Nei it type *moakede* folget 20x in pauzeteken, wat nei *moake* net foarkomt. It liket my ta dat de tiidwurdsfoarm yn sa’n gefal wat mear klam krijt :

[Hi hied] n 'Träksaoks, wier er doo [Hoske] dan mäd fluch un 'glääd moakede.⁶

In oerienkomst mei it *moake*-type is lykwols dat dochs noch 15x in wurd op *d-* folget (dat is relatyf 5x minder faak). Dêr treedt dus gjin haplology by op en benammen yn dy gefallen soene oare karakteristike ferskillen sitte kinne. Dan docht bliken dat it by *moakede* yn sa’n gefal hast hieltyd om in haadsin giet, mei *moake* yn in herhelling, b.g. fan it soarte

Dät maakede di 'Bau_ Unnernermer di maake dät fiks un 'färtich.

Dat is in type dat yn it sprutsen Sealtersk planteit foarkomt en dat ek wer liede sil ta minder klam op ‘e tiidwurdsfoarm yn ‘e herhelling.

Fan belang is noch de twadde persoan om’t dêr troch *de*-deleesje notiid en doetiid gearfalle soene: **moakedest* > **moakest*. It docht lykwols bliken dat de doetiid fan ‘e twadde persoan tige selden foarkomt. Yn alle materiaal fûn ik mar 10x de útgong *-dest* as doetiid fan *je*-tiidwurden, lykas *hoaldest*, *sakkedest*, mar neat fan *moakje*. Deleesje fan *de* fûn ik allinne 1x yn doetiid *foatest* neist notiid *foatest*. In type *-este* komt inkeldris foar, mar allinne yn notiid as ferkoarting fan *-est du*.

Op dit punt weagje ik as foarlopige konklúzje dat de *d(e)*-deleesje befoardere wurdt troch in situaasje mei minder klam, soms ûnder meiwurking fan haplology.

3. Doetiid meartal

Hiel oars as by it iental lizze de ferhâldings by doetiid meartal; dêr fine wy 120 gefallen fan, mei mar 35x de klassike útgong *-eden*. De rest fan 'e gefallen lit *de*-útfal sjen mei *-en*, (selden *-ene*) as útgong (*moaken*, *moakene*)⁷, dat is 70%. It type *moaken* ferskynt 2x foar in pauzeteken, mar it type *moakeden* wol 10x, dat is relatyf $10/2 \times 70/30 = 12$ x sa faak. Hjir liket in situaasje mei klam dus ek wer de klassike útgong te befoarderjen. *Moaken* wurdt yn 96% fan 'e gefallen realisearre mei [kɲ], wat wol in fierdere ferkoarting jaan sil. Haplology liket net mear mei te spyljen: by *moakeden* folget 5x *dV* wêrfan sels 1x *dVn* (*dan*), by *moaken* 16 x, dus relatyf sawat likefolle.

Dat klam meispilet, liket ek nei foaren te kommen yn de folgjende resultaten oer 15 net útsochte rigels mei *moakeden* en ek 15 mei *moaken*.

	<i>moakeden</i>	<i>moaken</i>
sinsaksint op <i>moak-</i> ¹	2	2
beklamme wurdliid daliks derfoar ²	11	7
sinsaksint daliks derfoar	5	1
beklamme wurdliid daliks dernei ²	6	3
sinsaksint daliks dernei	2	0
Meiinoar aksint-situaasjes	26	13


¹ mei altyd beklamme wurdliid daliks derfoar ² mei ynsluten fan de gefallen yn 'e folgjende rigel

It docht bliken dat sitewaasjes mei klam twaris sa faak foarkomme op en neist *moakeden* as op en neist *moaken*. Understeande foarbylden jouwe de yndruk dat it ritme fan de hiele sin ek noch wol meispilet, mar ien en oar is net maklik te analysearjen, om't it giet om tige ûngelikense en yn 'e sprektaal faak ûnfolsleine sinnen.

*Doo **maakedeñ** smäidens dän 'Stal eepen un lieten doo Bäiste der'ut loope*
*Doo Ljude **maakeñ** de 'Stal eepen un jaagen doo 'Swine ätter buten*
*Soo '**maakeden** doo 'Ljude sik Ple'sier soo 'goud as t 'geen*
*Fon 'Uurgloowe un 'soowät, doo **moakeñ** sik sälwen bong*

4. Oare tiidwurden

Op dit pas kin ris sjoen wurde nei oare tiidwurden, of't in oare stam-útgong faaks ynfloed útoefenet. Doetiid-útgongen binne fûn foar 57 *je*-verba



Sjogge wy by iental allinne nei it klassike *ede* en de útgong *e* mei *de*-deleesje, dan beslacht de lêste 8,85%. By meartal beslagge de *d*-leaze útgongen *en*, *ene* ferlike mei de klassike *eden*, *edene* 62,7%. Dat binne getallen dy't aardich yn'e buert lizze by wat foar *moakje* allinne fûn is. Dêr moat wol by opmurken wurde dat de doetiid-foarmen fan *moakje* sawat in treddepart fan it gehiel útmeitsje, yn iental likegoed as yn meartal.

Dochs binne der noch wol wat grutte útrinders. Dêr giet it yn it earste plak by om gefallen mei in stam dy't einiget op *l,n,r,[w]*, om't dan meastentiids de earste schwa útfalt en de *d* behâlden bliuwt. Dan giet it oer foarmen as *hoalde*, *woonde*, *woarde*, *liude*, mar dochs komme dêr yn meartal noch wolris foarmen mei dy schwa fan foar en ek guon meartalsfoarmen mei *d*-deleesje: *tiddelen*, *woonene*, *fodderen*, *kauen*, *liuen*.

Men soe ferwachtsje dat haplology benammen meispilet as de stam op *d* útgiet. En wier lit *oarбайдje* yn fierwei de measte gefallen *d*-deleesje sjen, mar *braidje* wer net:

Sg.	e	ed	et	ede	(d)	de	te	Pl.	en	ene	eden	edene	eten	nden	ten
<i>oarбайдje</i>	8			1	1			8	2						
<i>braidje</i>	1			5				2	4		1				
<i>fooldje</i>															1
<i>mäldje</i>	1										1				
<i>wadje</i>								5						1	

Dat ferskil komt faaks om't *oarбайдje* mear wurdlidden hat en dêrtroch minder klam op'e útgong as *braidje*.

Ferhurding fan'e útgongs-*d* sjogge wy by *braideten*, lykas ek by *spouketen*, *mäldeten*, alteast by it lêste wurd faaks út it Heechdútsk. Yn *foolten* soe dan ek wolris ferhurde útgongs-*d* sitte kinne en dêrnei deleesje fan'e stam-*d*.

Opfallend is noch de deleesje fan 'e útgongs-*d* fan 'e stam yn 1x iental *ferkloo-ede*.

It is opmerklik, dat guon wurden mei in stam op *-t* èk tige faak *d(e)*-deleesje toane:

Sg.	e	ed	et	ede	d	de	te	Pl.	en	ene	eden	edene	den	dene	e
<i>foatje</i>	8*			1				8							
<i>plontje</i>	1			2				1							
<i>sloachtje</i>	6							7		2					1
<i>wachtje</i>				2											
<i>wäitje</i>										2					


* ynklusyf 4 x *foat* + dV, b.g. *Doo foat di Pastoor oun*.

Blykber ropt de opfolging *-tede* ek haplology op. Dit is tige sterk by *foatje* (yn dit gefal yn 'e doetiid fan it skiedbere tiidwurd *ounfoatje* 'begjinne') en by *sloachtje*, beide frij gewoane wurden. De oare trije tiidwurden binne minder gewoan en krije sa faaks mear klam.

As lêste moat noch sein wurde dat *de*-deleesje ek steurd (/>) wurde kin troch it driigjende ûntstean fan homonymen: *drugeden* /> *drugen* < *dreege* 'drage', *rookeden* /> *rooken* < *ruke* 'rûke', *säideden* /> *säiden* < *säie* 'naaie'.

5. It ôfslutend mulwurd

Deleesje fan *d* komt ek foar yn it ôfslutend mulwurd, mar folle minder as yn de doetiid. Hjirûnder folgje de resultaten fan *moakje*, mei as normale foarm *moaket*, *moaked*, de stimleaze foarm benammen foar pauzes en foar stimleaze bylûden.




De útgong mei deleesje (*e*) komt mar 8x foar (dus minder as 1%) en allinne foar pauzes:

Spaaden hâbbe ze uk maake.

Lykwols docht bliken dat it mulwurd as gehiel al tige faak foar in pauzetecken stiet (it type *moaked* yn 73% fan 'e gefallen, tsjin it doetiid-type *moakede* mar yn 7%), dat aksintferhâldings soene hjir ek wolris tige meispylje kinne. De mulwurdsfoarmen binne ek noch sawat trije kear sa machtich as alle doetiidsfoarmen meiinoar, mar it is net dúdlik hoe't dat ynfloed hawwe kinne soe.

De foarm *moakt* toant útfal fan de schwa, mûglik troch eksterne ynfloed, krekt as by *gemaaket*. Opfallend is de sterke foarm *moaken* (faaks troch ynfloed fan in sterk *je*-tiidwurd as *woaksen*) mei as mingfoarm *moakent*.

Hjirûnder binne de resultaten gearfette foar alle 76 *je*-tiidwurden dêr't mulwurd-foarmen fan fûn binne.



It oandiel fan foarmen mei *d*-deleesje (*e*) is noch lytser, mar de foarmen mei schwa-útfal (*t*, *d*) hawwe in grutter oandiel. Dêrby giet it dan benammen om foarmen mei in stam dy't útgiet op *l*, *n* of *r*. By foarmen mei prefiks *ge-* leit ûntliening foar de hân, benammen om't dat 13x komt fan it type *gereekend*.

De stam-*d* falt út yn 4x *aabaiet* en 1x adjektivysk yn *braiede Hanske*.

6. Dialektyske sprieding

Der is besocht in yndruk te krijen fan de dialektyske sprieding fan 'e *d(e)*-deleesje oan 'e typen doetiid meartal *moaken*, doetiid iental *moake* en ôfslutend mulwurd *moake*:

OPNAMEN	SPREKKERS		Pret. pl. ↘ <i>moaken</i>	Pret. sg. <i>moake</i>	Part. <i>moake</i>	<i>moaken</i> en <i>moakeden</i>		Totaal opnamen		
Roomelse			12	8	1	2	1	3	24	
Utände (Strukelje)			18	10	4	3	4	3	10	49
Schäddel			20	6	4	2	1	2	6	65
Meiinoar			50		9		7		19	138

It liket derop dat it type *moaken* yn Roomelse mei foarkommen yn 12 opnamen fan mei-inoar 8 sprekkers relatyf folle gongberder is as yn 'e oare doarpen (ferlykje it tal opnamen fan elk sawat in oere foar elk doarp yn de meast rjochtse kolom). Dat fine wy lykwols net werom yn 'e beide kolommen foar *moake*, dêr't Strukelje krekt relatyf sterk fertsjintwurdige is. Der moat lykwols op wiisd wurde dat it hjir om sokke lytse tallen giet, dat ferliking statistysk net goed mûglik is. Boppedat is yn 'e ien nei rjochtse kolom te sjen dat yn 19 fan de opnamen *moaken* en *moakeden* foarkomme yn deselde opname (dat is meastentiids deselde sprekker). Dat wol sizze dat oare faktoaren sterker binne as de fersprieding oer persoanen en doarpen. Wy sjogge dan ek dat deleesje yn alle trije doarpen foarkomt en by meardere sprekkers. Boppedat befetsje fansels net alle opnamen **dy** tiden fan *moakje*.

7. Histoaryske ûntjouwing

De opnamen mei deleesje-gefallen binne makke fan 1970 oant 2003 en it bertejier fan 'e

sprekkers leit rûchwei tusken 1890 en 1930. Yn beide gefallen kin gjin ynfloed fan 'e tiid fêststeld wurde.

No binne der noch âldere opnamen. Wat dy fan 1927 oangiet, is de kwaliteit (alleast fan myn kopy fan de Ljouwerter plaat) sadanich dat dêr min wat út ôf te lieden is. Folle better binne opnamen fan it Lautdenkmal Reichsdeutscher Mundarten. De opname fan Roomelse út 1937 jout as iennichst foarbyld fan ús ferskynsel, dêr't wol wer haplology yn meispylje sil:

Fluks ätter n Kriech foate dät Utwannerjen wier oun.

Yn skriftlike boarnen komt deleesje selden en dan meast noch allinne let foar. Fort seit yn 1985:152: “Neben der Pluralform auf *-eden* finden wir in der Utender Mundart eine kontrahierte Form: *-en / den / ten: wie makeden / maken = wir machten; wie laacheden / wie laachten = wir lachten; jo bölkeden / bölkten = sie brüllten, wie klageden / klaagden / klagen = wir klagten.*” De allinne Strukeljer teksten fan dat boek hawwe 30x *maken* tsjin 2x *makeden*. By alle skriuwers út Roomelse fûn ik deleesje allinne yn it ôfslutend mulwurd: 2x *moake* tsjin gewoanlik *moaked* (en 1x *moaken*). Yn âldere skriftlike boarnen is hast neat te finen. De âldste fermelding fûn ik alhiel by Minssen yn 1846 (1970: 21):

Nu spi'lene se in e Lotteräi

ynstee fan **spi'ledene* (ferlykje noat 7; by Minssen stiet it teken ' efter it lûd mei klam). Dan komt by Siebs (1893:391) yn in ek Schäddeler tekst noch foar:

Man doo Hoangste spitsende doo Oore,

wat er sels (Siebs 1901:1390) ferklearret troch “syllabische Metathese” út *spitseden*. As Siebs lykwols in dV tefolle heard hat (sjoch ûnder 8) of de sprekker hat b.g. sein **spitsen doo de Oore*, (mei *doo* [do] = ‘doe’) dan soe dat **spitsen* west hawwe. Mar allinne al de Schäddeler útspraak **spitsene* soe Siebs op 'e doele brocht hawwe kinne.

8. Konklúzje

It Sealtersk hat as regel yn 'e twadde klasse fan 'e swakke tiidwurden de folle doetiid-útgong iental *-ede* bewarre. Yn sa'n 5 à 10 persint fan 'e gefallen falt dêr de *-de* út, meast yn situaasjes mei minder klam en soms befoardere troch haplology. Folle mear (wol yn twa tredde fan 'e gefallen) komt dy deleesje foar by doetiid-útgong meartal *-eden*, wer yn gefallen mei minder klam en miskien ek troch ynfloed fan it sinsritme, mar sûnder dat haplology meispilet; in oar meganisme dus. By it ôfslutend mulwurd ta beslút komt *d*-deleesje mar yn in goed heal persint fan 'e gefallen foar, wat jin tinke lit oan 'e situaasje yn it Skylgersk (Knop 1954:235, ferl. Meijering 1980:281).

It ferskynsel komt likegoed foar yn âldere as yn jongere opnamen en de leeftiid fan 'e sprekkers liket net mei te spyljen. It âldste fynplak fan *de*-deleesje yn 'e útgong iental is fan 1937, mar foar de tiid fan 'e lûdopnamen koe sa'n ferskynsel yn situaasjes sûnder klam in ûndersiker maklik ûntkomme. Fierders is it yn gefallen mei haplology hast net by te fytsen foar de harker of't er no 2x of 3x *de* heard hat. As dan neifraach dien wurdt, sil hiel faak de “folle” foarm der út komme, om't dy blykber troch de measte sprekkers as de “echte” beskôge wurdt, lykas bliken docht út it feit dat de Sealters sels de deleesje yn it skriuwen hast net brûke. Dêrom koe it ferskynsel oan eardere ûndersikers maklik ûntgean. Foar de útgong meartal jildt itselde, mar dy is dochs wat opfallender, faaks de reden wêrom't wy dy al yn

1846 fine.

Alles wiist derop dat de foarmen sûnder *-d-* al tige lang bestien hawwe as útspraakfarianten njonken de folle foarmen. Dêr is mei yn oerienstimming dat it ferskynsel yn alle trije doarpen en by ferskate sprekkers foarkomt, miskien wol by allegearre. Sa liket it Sealtersk noch yn deselde posysje te sitten as it Aldfrysk sa't dat út de hânskriften nei foaren komt.

It is opmerklik dat twa wizen fan útspraak sa lang neist inoar bestean kinne yn in net-skreaune taal. It sil dêrby foaral gean om in trochgeande wikselwurking by de doetiid meartal tusken in driuw ta ferkoarting en de ynfloed fan analogy mei de oare foarmen.

Neffens Meijering (1980:281) en Werner (1993:226ff.) hat de *d(e)*-deleesje yn it Wlfr. in morfologyske funksje krigen, mei't dêrtroch de *je*-útgong ta iennichst 'tiidsteken' wurden is yn 'e twadde klasse fan 'e swakke tiidwurden, wylst tagelyk by de earste klasse fan dy tiidwurden de temavokaal (no de earste schwa) yn 'e bûgde foarmen folslein weifallen is. Ut it hjir presintearre materiaal docht bliken dat yn it Sealtersk de *d(e)*-deleesje lang net folslein trochset is, wylst oan 'e oare kant dy temavokaal by guon tiidwurden fan de earste klasse noch hiel inkeldris foarkomt⁸. Wol is yn ôfwiking ta it Wlfr. dy temavokaal yn beide klassen systematysk útfallen nei *l,n,r,[w]*: *hoalde*, *woonde*, mar ek *tâlde*, *troalde*, foarmen dêr't yn 'e opnames fan Minssen (1846) de folle foarmen noch njonken steane.

Oan 'e ein krije wy dan de fraach hoe' t it dochs mûglik is dat in yn it Wlfr. al lang lyn foltôge ferskynsel yn it Sealtersk noch altyd oan 'e gong is. Dêr moat men by tinke oan de oer it algemien folle sterkere wurking fan analogy yn it Wlfr., b.g. ek yn de ferbûging fan sterke tiidwurden. Earder haw ik dat alris witen oan 'rekonstruksje' fan in nije ferkearstaal út ferskate dialekten (Kramer 1996: 219). Men kin lykwols ek tinke oan ferienfâldiging fan 'e taal as dy troch grutte kloften oarstalige minsken oanleard wurde moat, lykas van Bree (1999: 71) dat foar it Goatysk ferklearre hat. Oan sokke ynfloeden sil it Wlfr. folle mear bleatstien hawwe as it isolearre en soms sels as geheimtaal brûkte Sealtersk, dat dêrmei in paradys is foar it bestudearjen fan fonetyske ûntwikkelingen.

NOATEN

1. Meijering hellet allinne foarmen út Wlfr. boarnen oan. Yn 'e jongere Aldeastfryske boarnen E2 en E3 (Fokkema 1953 resp. 1959) haw ik it ferskynsel net fûn. Doetiidsfoarmen fan *je*-tiidwurden komme dêr lykwols ek mar hiel inkeld yn foar: ik fûn allinne 3.p. inkeldfâld *bi hagade* (1953:92), miskien net tafallich yn sawat it iennichste ferheljende stikje fan beide hânskriften. Doch mist dêr dus de alteast yn it Sealtersk foar deleesje folle fetberder meartalsfoarm, lykas ek yn it fan Sipma sa dúdlik behannele wichtichste stik ferheljend Ald(east)frysk dat sûnt bekend is as *Fon alra fresena fridome*, dêr't nammers de inkeldfâld doetiid ek mar trijeris yn foarkomt (boarnen H1 en H2, Sipma 1947:78).

2. Om't der mûglik in wikselwurking is tusken deleesjeferskynsels by de doetiid fan swakke en sterke tiidwurden, jou ik hjir fan dy lêste in gearfetting. Deleesje fan de stam-*d+e* docht him foar yn 'e tige frekwinte 'sterke' doetiidsfoarmen *diede*, *hiede*, *kude*, *kwiede*, *stude*, *wude*, benammen foar en nei pronomina. Yn it lêste gefal wurdt oars as by de swakke *je*-verba de koarte foarm dan ek yn meartal brûkt, wat delkomt op deleesje fan in wurdlied *den*. Om de ferhâldings dúdlik te meitsjen jouwe wy wat getallen foar 'dwaan' en 'hawwe':

20 <i>di man</i>	5 <i>did man</i>	2 <i>dide man</i>	4 <i>di wi</i>		12 <i>diden wi</i>
72 <i>hi man</i>	11 <i>hid man</i>	12 <i>hide man</i>	182 <i>hi wi</i>	1 <i>hid wi</i>	77 <i>hiden wi</i>

Benammen by 'hawwe' oerhearsket de koarte foarm. It leit foar de hân oan te nimmen dat dit

ferskynsel gearhinget mei de yn it begjin oanhelle ferkoarting yn 'e notiid fan guon fan dy tige frekwinte tiidwurden. Gefallen mei mûglike haplology haw ik hjir net by fûn.

Dizze deleesje komt ek al foar by Matuszak (1951) yn 'e Wenker-sin nr. 20: “*Er tat so, als hätten sie ihn zum Dreschen bestellt*”, wylst de opname fan 'e Deutsche Sprachatlas (~1880) allinne ferlies fan 'e útgongs-*e* sjen lit, sels yn Schäddele, dêr't dat yn 1951 wer net fûn is:

	R	U	S
1951	<i>dī'</i>	<i>dī'</i>	<i>dīdē</i>
~1880	<i>dide</i>	<i>died</i>	<i>did</i>

Algemiene getallen binne foar dizze beide tiidwurden net opnommen, om't it konkordânsje-programma de koarte foarmen net ûnderskiede kin fan it pronomen *hi*, resp. it lidwurd *di*. Ik jou dy getallen dêrom allinne mar foar de oare tiidwurden dêr't dizze ferkoarting him foardocht ('sizze', 'kinne', stean' en 'wurde'):

145 <i>kwi</i>	129 <i>kwid</i>	42 <i>kwide</i>	717 <i>kwiden</i>	32 <i>kwidene</i> ⁺
1099 <i>ku</i>	690 <i>kud</i>	484 <i>kude</i>	465 <i>kuden</i>	66 <i>kudene</i>
52 <i>stu</i>	89 <i>stud</i>	97 <i>stude</i>	104 <i>studen</i>	5 <i>studene</i>
167 <i>wu</i>	1270 <i>wud</i>	840 <i>wude</i>	89 <i>wuden</i>	34 <i>wudene</i>
				*ynkl. 11 <i>kwidne</i>

De ferkoarting hat benammen in sterke posysje by *kude* 'koe', dêr't it ek yn 'e notiid tige frekwint is. Apart is de 1x fûne hyperkorrekte meartalsfoarm *kudedene*. De inkeldfâldfoarm *kwid* liket ûnderfertsjintwurdige, mar dat is om 't er eins allinne yn Schäddele foarkomt njonken oars *kwad*. De allinne Strukeljer foarm *wù..* is net meiteld, om't in koarte foarm fan *woo* 'hoe' dêr ynterferearret.

3. Mar dan miskien yn it ramt fan in mear algemiene ferkoarting: ferlykje *ko*, *kri*, *schä* neist *kon(nen)*, *krige*, *schäl(len)*..

4. Wconcord.zip kin ophelle wurde fan <http://pioneer.chula.ac.th/~awirote/2241605.htm>

5. Sealtersk *moakje* beslacht in grutter betsjuttingsgebiet as Wlfr. *meitsje*.

6. Wurdliiden mei bysûndere klam (sinsaksint) binne oanjûn mei it teken ' der foar; dy takenning is net eksakt en kin dus by de iene sin wolris wat oars útfalle as by de oare.

7. It Schäddele type *maakene* < **maakedene*, ferg. *koopdene*.

8. By Minssen komme noch alris gefallen foar fan doetiid- en mulwurd-foarmen op *-ed(e(n))* by oare klassen fan tiidwurden, b.g. *bälledē* njonken *bälde* 'prate' (Minssen 1854:192). Yn myn opnamen fyn ik dat mar inkeldris werom; meinoar 35 gefallen fan 12 tiidwurden, faak ek sterk oerlevere. Rekkenje wy dêr neffens ûndersteande tabel de ûndúdlike gefallen ôf, en ek dy't by ôffraach generearre binne, dan bliuwe as oertsjûgjende doetiidfoarmen allinne mar oer: *boakede*, *kliiitjede*, *weeuede*, *wisede*. By de mulwurdfoarmen is *sätted* ûnwis.

Wy fine twa gefallen fan mûglike *d(e)*-deleesje: 1x part.perf. *baake* kin ûntstien wêze út *baaked*, mar ek út *baaken*, wylst 2x pret.pl. *floachten* ûntstien weze kin troch deleesje fan de temavokaal, mar ek troch deleesje fan *de*. Yn gjin gefal ûntstiet betizing mei de notiid (dat soe allinne by 1° en 3° persoan sg. driigje). By ferskate fan dy tiidwurden komt yn ynfinityf en notiid inkeldris de útgong *-je* foar neist gongber *-e* (sjoch de ien nei rjochtse kolom).

OARE KLASSEN	Pret. - <i>ede(n)</i> <u>deleesje</u>	Pret. <i>-de(n)e</i> & sterk	Part. <i>-ed/-et</i> & adj.	<u>deleesje</u>	Part. <i>-d/-t</i> & sterk	Ynf.& <i>-je(n)</i>	Ynf.& <i>-e(n)</i>	Opmerkings by tsjûke getallen
<i>(be)tjude</i>	1	1				1	7	<i>be'tjü{d}ede</i> (<i>d</i> ûndúdlik)
<i>baue</i>	1	34	3		68		102	<i>bau(e)de</i> (<i>e</i> ûndúdlik)
<i>boake</i>	3	17		1	63	3	>100	Part. <i>baake</i> ; <i>d-</i> of <i>n</i> -útfal
<i>floachte</i>		2	4		15	2	11	<i>floachten</i> < * <i>floachteden</i> ?
<i>klüütje</i>	3					1		Pres. 3 ^e <i>hi klüütjet</i>
<i>mjoo</i>	2	8						<i>mäindedede</i> by ôffraach
<i>meelke</i>	2	1			11		57	<i>mälkede</i> by ôffraach
<i>sätte</i>			1		70		>100	yn <i>touhoopesättede Rige</i>
<i>spite</i>	1							<i>spitede</i> by ôffraach
<i>träffe</i>	1	12				1	13	<i>träffede</i> yn pl.-funksje
<i>weeue</i>	3	1	2		8	3	12	
<i>wise</i>	+ 3	2	+ 5		5	+ 1	21	
	20		15			11		>100 = 'mear as 100'

Literatuer

- Book, Heinrich, Hans Taubken (1993), Hümmlinger Wörterbuch, auf der Grundlage der Loruper Mundart, Verlag des Emsländischen Heimatbundes, Sögel.
- Bree, Cor van (1999), The Strange Simplicity of Gothic, *Nowele* 35, s. 67-75.
- Deutscher Sprachatlas, Marburg. Hânskriktlik materiaal (ynfolle fragelisten).
- Fokkema, Klaas (1953), útj., De tweede Emsinger Codex, Nijhoff, 's Gravenhage (OTR7).
- Fokkema, Klaas (1959), útj., De derde Emsinger Codex, Nijhoff, 's Gravenhage (OTR10).
- Fort, Marron C. (1985), Saterfriesisches Volksleben, Texte und Zeugnisse aus dem friesichen Saterland mit hochdeutscher Übersetzung [Mundart Strücklingen], Ostendorp Verlag, Rhaderfehn.
- Knop, G. (1954). De spraakkunst der Terschellinger dialecten, (Taalkundige bijdragen van Noord en Zuid, 6), Van Gorcum, Assen.
- Kramer, Pyt (1996), Doppelformen bei einsilbigen Verben in Friesischen. Yn: A Frisian and Germanic Miscellany. Published in Honour of Nils Århammar on his Sixty-Fifth Birthday, 7 August 1996. Edited by Adeline Petersen and Hans F. Nielsen, Odense/ Bredstedt (Nowele vol. 28/29).
- Lautdenkmal Reichsdeutscher Mundarten (1936-37) op http://staff_www.uni_marburg.de/~naeser/dial_aud.htm
- Matuszak, Hans [1951], Die saterfriesischen Mundarten von Ramsloh, Strücklingen und Scharrel inmitten des niederdeutschen Sprachraumes. Dissertaasje (mesineskrift), Bonn.
- Meijering. Hendrik D. (1980), d(e)_deletion in the past tense of the class II weak verbs in Old Frisian. Yn: Linguistic studies offered to Berthe Siertsema, Hgg. D. J. van Alkemade/ A. Feitsma/W.J. Meys/P. van Reenen/J.J. Spa, Amsterdam, 277_286.
- Minssen, Johann Friedrich (1854), Mittheilungen aus dem Saterlande. I. Vorwort, II. Das Zeitwort. Yn: Friesisches Archiv, Hg. H.G. Ehrentraut, Oldenburg, 135-227.

- Minssen, Johann Friedrich (1970), Mittheilungen aus dem Saterlande, Im Jahre 1846 gesammelt. 3. Beend: Anhang, Fryske Akademy, Ljouwert/ Leeuwarden, nr. 372.
- Remmers, A. (1997), Plattdeutsch in Ostfriesland, Die Mundart von Moormerland-Warsingsfehn, Verlag: J. Sollermann, Leer.
- Schönhoff, Hermann (1908), Emsländische Grammatik, Laut- und Formenlehre der Emsländischen Mundarten, Carl Winter's Universitätsbuchhandlung, Heidelberg.
- Siebs, Theodor (1893), Das Saterland. Ein Beitrag zur deutschen Volkskunde. Yn: Zeitschrift des Vereins für Volkskunde, 239-278 en 373-410 + Taf.3.
- Siebs, Theodor (1901), Geschichte der friesischen Sprache. Yn: Grundriß der germanischen Philologie, 2^{de} printinge, Straßburg, 1152-1464.
- Sipma, Pieter (1947), Fon alra fresena fridome, in ynlieding yn it Aldfrysk, Koster, Snits.
- Werner, Otmar (1993), Schwache Verben ohne Dental_Suffix im Friesischen, Faröischen und im Nynorsk. Yn: Sprachwandel und Sprachgeschichte. Festschrift für Helmut Lüdtke zum 65. Geburtstag, eds. Jürgen Schmidt_Radefeit/Andreas Harder, Tübingen, 221_237.

Zusammenfassung

Es wird der *de*-Schwund des Präteritums im gesprochenen Saterfriesischen untersucht, insbesondere für den schwachen Zeitwörtern der zweite Klasse (*je*-Zeitwörter). Im Singular tritt der Schwund in etwa zehn Prozent der Fälle auf, hauptsächlich durch Haplologie. Im Mehrzahl aber erreicht der Anteil der Formen mit *de*-Schwund bis zu 70% der Fälle, wahrscheinlich unter Einfluß von Betonung und Satzrythmik.

Dieser Schwund tritt in allen untersuchten Altersklassen aller drei Ortsmundarten auf, was auf ein hohes Alter hinweist. Da sie aber von den Sprechern als unrichtig betrachtet wird, könnte sie den Untersuchern vor dem Zeitalter der Tonaufnahmen leicht entgehen. Das ist wohl der Grund, daß sie früher nicht erkannt worden ist, wenn sie auch schon vor 160 Jahren einmal erscheint.

Es ist deshalb anzunehmen, daß Formen ohne *-d-* schon seit sehr langer Zeit als Variante neben den "normalen" Formen bestanden haben, wie es sich auch in jüngeren Altwestfriesischen Handschriften zeigt.